

Znd42HC04 de tsienden

Bruorren en susters, gasten en harkers,

Jonges en fammen, jouwe jimme wol ris jild of dingen wei?

Dat jimme bygelyks sizze: “Ik haw sa’n protte, do hast sa’n bytsje, hjir, dit is foar dy!”

-Jild foar in goed doel.

-Do krijst wat fan myn moaiste boartersguod.

-Of ik keapje skoalpullen foar dy, sa datsto ek nei skoalle kinst.

Mei tankdei hawwe wy dat wolris dien.

In protte minsken yn Dokkum en omkriten komme neat tekoart yn iten, drinken, klean en dingen dy’t se graach hawwe wolle. Dochs is der ek earmoed. Yn de wrâld. En ek yn Dokkum.

Der is rykdom en earmoed yn ‘e wrâld. Wat freget God dêryn fan ús?

De bibel seit net dat eltsenien like folle hawwe moat. Der mei ferskil wêze.

Mar dat oan de iene kant minsken dea geane fan ‘e honger, en oan de oare kant minsken omkomme yn rykdom, dat is *net* goed neffens de bibel.

God wol dat wy it mei inoar goed hawwe. Mei it each dêrop hat God yn de bibel de saneamde regel fan de tsienden jûn. Hawwe jimme dêr wolris fan heard? Dy tsienden, dat wiist op tsien persint. God hat syn folk de opdracht jûn om tsien persint fan de opbringst fan it lân en fan it fee wei te jaan. God sei: ‘Wês bliid mei wat jimme krigen hawwe, mar lit ek oaren dêryn diele. Lit gjin minsken troch earmoed omkomme of iensum wurde.’

Dat is in moai foarskrift fan God, dy regel fan de tsienden! Hy wol ús it goede jaan mei inoar, as gemeente en as maatskippij. Tsjin honger, earmoed, ienlikens en alles wat dêr by komt.

Hjoed krije wy fan ús Hear Jezus Kristus in nije diaken. In **diaken** hat ek alles te krijen mei jeften diele mei inoar, inoar stypje en inoar beskermje tsjin iensumens. Hy komt út namme fan God om ús as gemeente te learen hoe’t God ús in *mienskip* wêze litte wol.

Yn dat ramt stiet ek de fraach nei wat wy weijouwe en hoefolle. God joech yn it âlde testamint de regel fan de tsienden. Yn de preek sykje wy in antwurd op de fraach oft dy regel ek foar ús jildt hjoed de dei.

Tema fan de preek is: FREGET GOD FAN US DE TSIENDEN?

It antwurd op ús fraach is net ienfâldich. Der komt in protte by oan de oarder. Foar wa binne dy tsienden yn de bibel einliks? Wêrom freget God dat?... Oer dat soarte fan fragen is hiel wat ôfskreaun. Ik haw op it ynternet artikels fûn oer de ferplichting om hjoed noch de tsienden te jaan, oant en mei artikels oer de leagen fan de tsienden.

Yn de preek sette wy útein mei it âlde testamint. Dêr efteroan sjogge wy dan nei it nije testamint.

God freget fan syn folk yn it **âlde testamint** dat se tsien persint weijouwe. **Tsien persint fan wat?** Fan de opbringst fan it lân. Bygelyks: koarn, druven, wyn, oalje, fruchten. Ek tsien persint fan it fee, lykas kij, skiep en geiten. Gods folk betelle sa't wy dat neame 'yn natuera'. Yn plak dêrfan mochten se ek wol de jildwearde fan dy rispinge of dy bisten jaan, mar dan kaam der fiif persint by.

Foar wa wie dy tsien persint? Dat wie foar de Leviten. De neikommelingen fan Levi, de soan fan Jakob. Hja tsjinnen yn it hillichdom, de timpel, tegearre mei de prysters. De tsienden wienen, as ik it goed sjoen haw, yn it foarste plak foar de Leviten sûnder de prysters. Hja libben fan dy tsienden... God hie ek soarge foar de prysters. Hja krigen it grutste part fan it offerfleis dat net ferbaarnd hoegde te wurden en ek tsien persint fan die tsienden dy't de Leviten krigen... Mar dy prysters litte wy no even gewurde. It giet ús no om de tsienden foar de Leviten.

Wêrom moast Gods folk de tsienden jaan oan de Leviten? Dat sit sa: De Leviten hienen gjin lân as erfdiel krigen. De Heare wie harren erfdiel. Hja wienen yn tsjinst fan Him. De tsienden wienen in fergoeding fan it folk foar har wurk. Dy tsien persint wie fan belang: as der goed soarge waard foar Gods tsjinnens, de Leviten, dan koe it wurk yn de timpel trochgean. En út dy timpel wei, it hûs fan God, liet God syn seine útgean oer syn hiele folk en oer de wrâld!

Dat lêste, dêr komt noch wat by: De bibel jout oan, dat it boulân en de greiden fan de Heare binne. Wat it lân en it fee opsmyt, dat krije wy fan God. Gods folk hie it lân dat God harren tasein hie yn besit krige, mar feitlik wie it net fan har; hja hierden it fan de Heare. It is allegearre fan Him. Dat litte dy tsienden ek sjen.

Oare folken om Gods folk hinne koenen it brûken fan de tsien persint ek wol. Mar der is in opfallend ferskil tusken bygelyks de regel fan de tsienden by de Israëliters en by de oarspronklike bewenners fan it lân, de Kanaäniten.

By de **Kanaäniten** stie alles yn it ramt fan de goaden tefreden stelle. En de tsjinnens fan de ôfgoaden. De gewoane man fan it folk kaam der bekaaid út: Hy wie net yn tel. Hy betelle him blau.

Mar **God de Heare** is oars as de ôfgoaden. Hy jout net om fuort dêrnei wer te nimmen, mar Hy jout, omdat Hy wol dat syn folk genietet fan wat Er jout. As God syn folk rispinge, nôt en fee jout, dan nimt Er harren dat yn de earetsjinst net fuortendaliks wer ôf, mar God wol syn folk in bliid en gelokkich libben jaan mei Him en inoar, en dat se net yn noed hoege te sitten.

By it beteljen fan de tsienden sjogge wy krekt dat ek. Dy tsien persint is foar de Leviten, mar sjoch ris: de Israëlyt dy't syn tsien persint ynleveret mei fuort dêrnei in feestlik miel klear meitsje. Dan mei er dingen brûke fan dy tsienden dy't er niiskrekt jûn hat. God seit: 'Yt dêr mar fan, do, en dyn gesin, mei dyn slaven, en ek de Levyt dy't binnen dyn poarten tahâldt, - 'út syn eigen wenplak' tink ik dan.

Mar dan sit it sa: Fan dy tsien persint dy't de minsken weijouwe, krije se fuortendaliks in part werom yn dat miel! Immen neamde dat: festjebûse út – festjebûse yn.

Mar tink no ris ekonomysk: as dy minsken in moai part werom krije, koenen hja dan net likegoed thúsbluwe? Dat soe dochs folle makliker wêze? Lyk om lyk, mei sletten beurzen.

Mar dat wol de Heare net. En dat is ek in foarnaam punt **om hokker reden** God de tsienden frege. God woe dat syn folk syn timpel yn Jeruzalem oandie. Der is nammentlik in ferbân tusken *Gods jeften* en *Gods fersoening!* De tsienden moasten brocht wurde nei it plak dat God foar Himsels útkeazen hat. Dat is Gods timpel yn Jeruzalem. Dêr wenne God. Hy liet minsken ûnfertsjinne libje mei Him. Der waarden in protte offers brocht yn de timpel. Al dy offers wiisden op it iene offer dat Gods Soan Jezus Kristus brocht hat oan it krús. Troch Him meie wy libje mei God, as syn eigen bern.

En no sit it sa: Earst soarget God sels derfoar dat wy wer yn in rjochte relaasje mei Him steane. Troch it offer fan Jezus Kristus. Fermoedsoening neamt de bibel dat. En dêrnei en dêr út wei lit God dan syn seine oer ús útgean.

Dy tsienden moasten by Jeruzalem lâns. Dêrmei wiist God op it wûnder dat oan it begjin stiet fan de relaasje tusken God en syn folk: Ik haw jimme út genede roppen as myn folk en myn bern. Ik bin Eigener fan jimme lân en fan jimme sels. En dan folget: no soargje Ik ek foar jimme. Ik klau net as de ôfgoaden alles yn, mar Ik jou jimme royaal. Lit jimme neisten dat dan ek fernimme.

It oanbieden fan it tsiendepart yn it earste en it twadde jier hie plak yn Jeruzalem. Mei in royaal miel. Mar alle tredde jierren gie it oars. Dan hoegde Gods folk net de omwei te meitsjen by Jeruzalem del. Dan brochten se de tsienden nei de poarte yn harren eigen stêd. Dan krigen hja net in part fan dy tsienden werom yn dat miel, mar dan joegen se har plak oan de frjemdling, de wees en de widdo!... Dat binne ek minsken **foar wa't dy tsienden wienen**. Foar de Levyt alle jierren, én foar de frjemdling, de wees en de widdo út har eigen wenplak ienris yn de trije jier.

Soe God dat dwaan, dat lies ik earne, om syn folk alfêst te wennen oan de tiid sûnder hillichdom, wannear't syn bern streekrijocht jaan mochten oan harren meiminske yn need?...

Bruorren en susters, gasten, as ik Gods foarskriften oer dy tsienden besjoch, dan tink ik: wat soarget God goed foar syn folk! Dat docht er troch harren rispinge te jaan en fee. Hy soarget foar syn tsjinners de Leviten en prysters, en harren libbensûnderhâld. Hy soarget foar frjemdling, wees en widdo dy't yn in protte dingen ôfhinklik binne fan wat se fan oaren krije. Hy soarget mei troch minsken as jo en dy en ik.

Yn Gods regel fan de tsienden sjogge wy it dûbelgebod fan de leafde: "Haw de Heare dyn God leaf mei dyn hiele hert, siel en ferstân, en haw dyn neiste leaf sast dysels leafhast." Beide kanten fan dat gebod sjogge wy by de regel fan de tsienden... Haw God leaf: De tsienden binne hillich of wurde apart set foar de Heare... Haw dyn neiste leaf: Genietsje fan Gods jeften tegearre mei de Leviten, en de frjemdling, de wees en de widdo.

It wurdt tiid en gean nei it nije testamint ta. Ommers: Jezus Kristus is kaam, de hiele tsjinst yn de timpel wiisde op Him, offers fan bisten binne net mear nedich, der binne gjin Leviten en prysters mear lykas yn it âlde testamint, soarch foar harren libbensûnderhâld is der net mear. Wat foar betsjutting hawwe dy tsienden dan foar ús? En alles wat oan dy tsienden fêst siet, wat hat dát ús hjoed te sizzen?... Oars sein: **Wat giet foarby en wat bliuwt?**

Wat yn it nije testamint bliuwt, dat is dat de Heare God **ús Heit** wêze wol troch syn Soan Jezus Kristus. Dat Hy ús libje litte wol yn in hertlike relaasje mei Him, ûnder syn soarch en

seine, tankber en sûnder soargen, op dizze wize sa't Jezus dat seit: "Set it sin net alderearst op iten, drinken en klean, want jimme himelske Heit wit al lang dat jimme dat allegearre brek binne, Hy soarget foar jimme."

Wat ek bliuwt, dat is **it dûbelgebod fan de leafde**. De Heare Jezus seit: "Haw de Heare dyn God leaf mei dyn hiele hert, siel en ferstân, en haw dyn neiste leaf sast dysels leafhast." Lykas God oan ús syn leafde jout en syn Soan, sa wol Hy meitsje dat wy as syn bern ús sels jouwe en ús leafde. By dat jaan heart ek materieel jaan. Paulus seit: "God jout ús alles yn oerfloed om derfan te genietsjen én om ryk te wêzen yn goede dieden, goederjousk en ree om mei oaren te partsjen."

Wat wol God dat wy jouwe? Ussels!... En dan ek: In part fan ús tiid, ús enerzjy, ús jild en besit. En op 'e nij is de Heare gjin God dy't ús útrûpelet, mar dy't sels royaal jout! Allinnich dêrom en troch Him kinne wy dat ek. It âlde testamint seit dat wy *liene* of *hiere* fan God. It nije testamint neamt ús *rintmasters*. Dat is itselde: Wat wy krigen hawwe, dat hawwe wy yn brûklien.

Wolle Jo groeie yn de jefte fan it jaan? Erken dan de Heare as de wiere Eigener fan jo sels, jo tiid, jo enerzjy, en jo jild. Dan makket it feitlik net út hoefolle persint fan jo besit jo weijouwe: it is ommers allegearre fan de Heare?! Sa wie it yn it âlde testamint ek al. Troch Jezus sjogge wy dat noch dúdliker.

Oan wa moatte wy hjoed jaan? Yn it âlde testamint seagen wy twa groepen. Yn it foarste plak de Leviten... Wy hoege net te soargjen foar it libbensûnderhâld fan Leviten. En dochts: De apostel **Paulus** makket út dy soarch foar de Leviten en prysters wei al in tapassing nei de tsjerke yn it nije testamint. Dat docht er yn 1 Korinte 9. Dêr seit er: "Witte jimme net, dat dy't yn 'e timpel har wurk dogge, fan 'e timpel libje? Dat dy't by it alter tsjinje mei it alter opdiele? Sa hat de Hear ek hjitten dat hja dy't it bliid boadskip ferkundigje, ek fan dat boadskip libje sille."

It giet Paulus om minsken dy't foltiids wurkje yn de ferkundiging: de gemeente moat soargje foar har libbensûnderhâld. Paulus makket sels fan dat rjocht gjin brûk, mar jout hjir al in regel foar de tsjerke fan it nije testamint.

Paulus neamt gjin persintaazje fan wat de tsjerke doe jaan moast. Hoe't se har foargongers ûnderhâlde moasten liet er oan de tsjerken sels oer. Yn de wysheid fan de hillige Geast dy't hja krigen hienen.

Yn it nije testamint is dus al in jaan oan de tsjerke en oan de ferkundigers, mar de bibel seit ek dat it doel dêrfan *net* is dat de tsjerke of de ferkundigers har sels ryk meitsje.

Oan wa moatte wy hjoed jaan? It nije testamint neamt ek oare groepen om oan te jaan. Dat slút oan by de opdracht om te jaan oan frjemdling, wees en widdo. Sis mar: de frjemdling en wa't help brek is. De **Heare Jezus** ropt ús op om oan de earmen te tinken yn ús jaan. Hy wiist ús op wa't hongere en toarst hawwe, wa't gjin klean hawwe en yn 'e finzenis sitte. Dy doelgroep is lykas yn it âlde testamint breder as minsken fan tsjerke allinnich. God freget dat wy ek helpe wa't net yn Jezus leauwe.

Wy binne hjoed net mear bûn oan in plak om te jaan. It kin oeral. Faaks tinke jo wolris: Wat betsjut no myn lytse jefte yn ús grutte wrâld fol problemen? Mar de bibel leit de klam op trou yn leafde foar God en neiste op ús eigen plak yn tsjerke en maatskippij. Dêr, yn ús eigen libben, moat it barre.

As wy alles oersjogge, dan kinne wy sizze, dat *jaan* wol ús opdracht is, mar dat *de tsienden net mear offisjeel foarskreaun* wurde hjoed. Se wienen nau ferbûn mei de timpeltsjinst yn it âlde testamint. In protte dingen dêr't se mei gear hongen binne der hjoed net mear.

Mar is it net goed om dochs dy tsienden oan te hâlden foar hjoed de dei? De Israëlitien wienen net ryk, en dochs joegen se dy tsien persint! De measten fan ús binne folle riker. Hoefolle jouwe wy einliks? Fine wy wei jaan faak net slim? Is san regel fan tsien persint dan gjin moaie stok by de doar?... Dat soe kinne.

As in gesin dêr't de heit en mem fan wurkje tusken de 30.000 en 40.000 euro yn 't jier fertsjinnet, dan is tsien persint dêrfan tusken de 3000 en 4000 euro. Soenen jo dat wei jaan wolle?

Wy kinne it ek noch oars besjen. Sa docht **Paulus** dat. Hy seit: "As wy iten en klean hawwe, moat ús dat genôch wêze. Wês der net op út om ryk te wurden, want dan rekket yn gefaar fan sûnde, en dat kin dyn geastlike ûndergong wurde."

Sjogge jo it ferskil?

By de regel fan de tsienden sizze wy: 'hoefolle jou ik wei en kin ik noch wei jaan?'...

By de regel fan Paulus sizze wy: 'wat haw ik wier nedich, en de rest kin ik wei jaan.'...

Dat is in grut ferskil. Net in bytsje fan ús besit wei jaan, mar in bytsje fan ús besit hâlde!

Mar as wy it al slim fine om tsien persint fan ús besit wei te jaan, helte slimmer sille wy it dan net fine om allinnich it needsaaklike te hâlden.

Soenen jo dat wolle?

Hoefolle moatte wy no wei jaan?

It nije testamint jout gjinn persintaazjes. Paulus wiist al op in sober en tefreden libben en ryk wêze yn Kristus. Paulus freget ús te jaan. Wa't ryk binne meie ryk wêze, mar net foar harsels allinnich, mar om royaal te dielen mei oaren.

As de bibel gjin persintaazjes neamt foar ús hjoed, dan doch ik dat ek net. Ik tink dat wy leare kinne fan wat Paulus skriuwt oer sober libben en ek in kear genôch hawwe. Of sa't immen sei: "Krijst mear dan it bestansminimum? Freegje dy dan ôf mei wat foar doel asto dat krigen hast."

En dat genietsjen fan wat God ús jout dan? Seit God: "Genietsje, mar doch it sunich oan?"

As ik it goed begryp, dan giet de bibel *minder* de kant út fan 'Genietsje, mar doch it sunich oan', mar *mear* de kant fan 'Genietsje mei dyn hiele hert fan wat ik dy royaal jou, mar doch dat net allinnich, mar tegearre mei de earmen en wa't minder krigen hawwe as dy!"

Mei inoar genietsje! En sels ek in kear genôch hawwe.

Dêr moatte jo en ik sels in earlike kar yn dwaan.

Wat God yn elts gefal net wol, dat is dat wy jouwe wylst wy soer sjogge of mei ús hert op ‘t slot. Dat kin ek net as wy jouwe út de leafde fan Kristus wei! Hy wol ús leare om te genietsjen fan jaan.

Ik slút ôf.

In falkûle by de tsienden is dat wy it jaan fan de tsienden of mear sjogge as ús prestaasje. Dat wy tinke dat wy dêrtroch by God wat fertsjinje. Tink oan **de Fariseeër** dy’t tagelyks mei de tolgarder stie te bidden yn de timpel, yn in ferhaal dat Jezus fertelt. Dy Fariseeër sei: “God, ik tankje Jo, dat ik net lykas de oaren bin, rovers, dogeneaten, troubrekkers of ek lykas dy tolgarder dêre. Ik fêstje twa kear wyks, ik offerje it tsiende part fan al myn ynkomsten.” Mar **de tolgarder** belied syn skuld en sei: “God, wês my, sûnder, genedich!” Jezus seit dan dat dy tolgarder wer rjocht foar God stie, en de Fariseeër, dy’t sa krekt it tsiende part joech, net!

Ik sjoch by mysels en hear fan oaren, dat wy weijaan slim fine. Mar as wy út de bibel wei inoar oantrune om te jaan, dan kin dat blykber samar trochslaan yn in moatten want: oars komsto net yn ‘e himel. Sa tochten **de lieders fan it folk** doe’t Jezus as minske op ierde wie. Se joegen sels it tsiendepart fan kruzemint, anys en komyn! De túngriente foar it sop. Mar Jezus sei dat se it foarnaamste fan har ôfskood hienen: it rjocht, it meilijen en de trou. Jaan is goed. Krekt jaan is ek goed. Mar *los fan Jezus* hat al ús jaan gjin inkelde sin.

Wy hoege gjin erfenis fan God te fertsjinjen. Dat hat Jezus foar ús dien. Allinnich dêrom kinne wy jaan. Ut de leafde fan Jezus Kristus. En dêr wurde wy net earm fan, mar ryk. Net allinnich ryk, mar ryk mei inoar...

Tank, Hear, wêr’t dat sichtber wurdt yn de gemeente. Lit ús dêr ek yn groeie. Segenje de diakens om ús dêr yn foar te gean. Lear ús te libjen fan wat Jo ús jouwe.

As wy sa libje en as wy sels ek weijouwe, dat is in part fan it erfskip fan Jo foar ús! Mar dan sil de rest wis ek komme!

Amen

Dokkum, 13-01-2008 moarns

Tema: Freget God fan ús de tsienden?

Liturgy:

Fotum en groet

Sjonge: Liet 448: 1.3

Wet:

Sjonge: Ps.65: 1.2

Gebed

Lêze: Numeri 18,21-29

Lêze: Deuteronomium 14,22-29

Lêze: Deuteronomium 26,12-15

Sjonge: Ps.112: 1.3

Tekst: Kategismus Snein 42 (it 8e gebod)

Preek

Sjonge: Liet 473: 1.4.5.10

Tankgebed

Befêstiging fan de nije diaken

Sjonge: Ps.100: 1.4

Gebed

Ynsammeljen fan 'e jeften

Sjonge: Ps.66: 5.7

Seine

Kategismus**De 42e snein**

110 Fraach: Wat ferbiedt God yn it achtste gebod?

Antwurd: God ferbiedt net allinnich sok stellen en rôvjen, dat de oerheid straft, mar Hy rekkenet ek foar stellen alle minne plannen en praktiken om it besit fan ús neiste te bemachtigjen. Oft wy dat no dogge mei geweld of skyn fan rjocht, of mei ferkeard gewicht, mjitte, waar, jild, woeker of hokfoar middel ek dat God ferbean hat.

Boppedat ferbiedt God ek alle habsucht en misbrûk of fergriemerij fan syn jeften.

111 Fraach: Wat gebiedt God yn dit gebod?

Antwurd: Dat ik it foardiel fan myn neiste, dêr't ik soks mar kin en mei, yn 'e hân wurkje en him krekt sa behannelje as ik behannele wurde wol. Fierders ek dat ik trou arbeidzje sil om ek in oar yn syn need helpe te kinnen.

Numeri 18,21-29

21 Hjirby jou Ik de Leviten alwat yn Israel oan tsienden opbrocht wurdt yn besit, as fergoeding foar de tsjinsten dy't se waarnimme, de tsjinst by de tinte fan 'e moeting. 22 De Israeliten sels meie ommers de tinte fan 'e moeting net mear benei komme, dan soenen se skuld oer har helje en stjerre. 23 Allinne de Leviten nimme no de tsjinst by de tinte fan 'e moeting waar en dy binne ferantwurdlik foar wat se ferkeard dogge. Dat is in altydduorjend foarskrift foar al jim fierdere geslachten. By de Israeliten sille hja gjin grûn yn erfbesit krije. 24 Wat de Israeliten foar de Heare oan tsienden opbringe, dat jou Ik de Leviten as har erfbesit; dat dêrom haw Ik sein dat sij gjin grûn yn erfbesit hawwe sille yn it fermidden fan 'e oare Israeliten.

25 De Heare sei tsjin Mozes: 26 Sis tsjin de Leviten: Bywannear't jim fan 'e Israeliten de tsienden ynbarre dy't Ik jim as jimme erfskip takend haw, dan moatte jim dêr in offer foar de Heare fan opbringe: it tsiendepart fan dy tsienden. 27 Wat jimme sa opbringe, sil dan foar jimme rekkene wurde krekt as wienen it de tsienden fan it nôd fan 'e terskflier en de tsienden fan de ynhâld fan 'e parsekûpe. 28 Sa moatte ek jimme fan alles wat jim oan tsienden ynbarre fan 'e Israeliten, jimme diel foar de Heare opbringe. Dat diel foar de Heare moatte jimme pryster Aäron jaan. 29 Fan 'e bêste stikken dy't jim jûn wurde, moatte jimme in fêst diel as hillige jefte oan de Heare opbringe.

Deuteronomium 14,22-29

22 Do moastst trou de tsienden jaan fan alles wat dyn sied opbringt, fan wat it fjild jier op jier jout. 23 Foar de eagen fan de Heare dyn God, op it plak dat Hy útkieze sil om dêr syn namme wenje te litten, dêr moastst de tsien ite fan dyn nôd, dyn druvesop en dyn oalje en fan de earstelingen fan dyn kij en fan dyn skiep, datsto leare meist foar altyd ûntsach te hawwen foar de Heare dyn God. 24 Mocht de reis dy lykwols te mânsk wurde, datst it net meinimme kinst, mei't it plak dat de Heare dyn God útkieze sil om syn namme dêr te fêstigjen, te fier fan dy ôf leit omdat de Heare dyn God dy segene hat, 25 meitsje it dan oan jild, nim dat jild yn 'e hân mei en gean nei it plak dat de Heare dyn God foar Himsels útkieze sil. 26 Dan meist dat jild útjaan foar alles dêrst mar sin oan hast, foar kij, skiep, wyn of sterke drank en foar alles dêrst nocht oan hast en yt dat dan foar de eagen fan de Heare dyn God. Dan meist bliid wêze, do en dyn hús gesin. 27 Lit dan de Levyt, dy't binnen dyn poarten tahâldt net oan syn lot oer, want hy hat part noch erfdiel mei dy.

28 Nei ferrin fan trije jier moastst tsienden fan dyn hiele ynkommen opbringe en dy opslaan yn dyn stêden. 29 Dan kin de Levyt om't er part noch erfdiel mei dy hat, de frjemdling, de wees en de widdo, dy't by dy tahâlde, ite en sêd wurde. Dan sil de Heare dyn God dy segenje yn alles watst ûndernimme silst.

Deuteronomium 26,12-15

12 Asto alle tsienden fan dyn opbringst oan 'e kant lein hast yn it tredde jier, it jier fan 'e tsienden, en do hast dy jûn oan 'e Levyt, de frjemdling, de wees en de widdo, dat hja binnen dyn poarten te iten hawwe en sêd wurde, 13 dan moastst útsprekke foar de Heare dyn God: Ik haw it hillige dat ik yn 'e hûs hie, fuortbrocht en it ek oan 'e Levyt, de frjemdling, de wees en de widdo jûn, neffens al de geboaden dy't Jo my oplein hawwe. Ik haw my net tsjin jo geboaden misdroegen en dy net fergetten. 14 Ik haw dêr net fan iten yn 'e rouwe, ik haw dêr neat fan fuortbrocht wylst ik ûnrein wie en ik haw dêr neat fan oan in deade jûn. Ik haw harke nei wat de Heare myn God sei. Ik haw dien neffens alles wat Jo my oplein hawwe. 15 Sjoch del út jo hillige went, út 'e himel en segenje jo folk, Israel, en de grûn dy't Jo ús jûn ha, lykas Jo oan ús foarfaars mei in eed tasein hawwe, in lân dat oerrint fan molke en hunich.

Kategismus

De 42e snein

110 Fraach: Wat ferbiedt God yn it achtste gebod?

Antwurd: God ferbiedt net allinnich sok stellen en rôvjien, dat de oerheid straft, mar Hy rekkenet ek foar stellen alle minne plannen en praktiken om it besit fan ús neiste te bemachtigjen. Oft wy dat no dogge mei geweld of skyn fan rjocht, of mei ferkeard gewicht, mjitte, waar, jild, woeker of hokfoar middel ek dat God ferbean hat.

Boppedat ferbiedt God ek alle habsucht en misbrûk of fergriemerij fan syn jeften.

111 Fraach: Wat gebiedt God yn dit gebod?

Antwurd: Dat ik it foardiel fan myn neiste, dêr't ik soks mar kin en mei, yn 'e hân wurkje en him krekt sa behannelje as ik behannele wurde wol. Fierders ek dat ik trou arbeidzje sil om ek in oar yn syn need helpe te kinnen.